

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside

Treffer:

Henk Bootsma

Jiergong 50 nûmer 1

oktober 2019



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Tywert 4, 8731 CL Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Anneke Gaastra
Henk Postma
Tjerk van der Pol
Syb Overal
Anco Elgersma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Walperterwei 53 8731 CD Wommels
Stapertstrjitte 15, 8731 CA Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
Roordastrjitte 6, 8771 Nijland
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Perk 1, 8731 AJ Wommels
Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
0515-332048
06-51679033
06-40614250
06-33030042
06-39805090
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Tjerk van der Pol	Foarsitter
Marjo Groothof	Algemiën lid
Lize Schuurmans	Algemiën lid
Lourens van der Pol	Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Anco Elgersma
=> Anneke Gaastra
=> Jaap Toering
=> Tjerk van der Pol
=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer
Hendrik Engbreghof
Ype Tiemersma
Johan Postma & Igor Kalinowski

Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Fakant

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybrén Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2019) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**". Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

2 desimber 2019

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : [**detreffer@vv-sds.nl**](mailto:detreffer@vv-sds.nl)

Fan de Trefferredaksje

Moai om dizze earste Treffer fan it nije seizoen wer te besjen. Op 'e nij alderaadichste stikjes oer alderaadichste minsken. Dit is ynmiddels al de 50e jiergong fan ús klupblêd. Wy meitsje de Treffer noch altiten mei folle wille. Aant Hofstra ferwurdet sa as hy dat sa moai kin yn dizze Treffer hoe as de Treffer nei 50 jier noch prima neist de SDS-side, Twitter, Facebook en Instagram libje kin.




Us fêste stikjes-skriuwers, Steven Vellinga en Habtamu de Hoop, leinen by it meitsjen fan dizze Treffer krekt yn de kreukels. Gelokkich binne sy oan de betterende hân en koenen sy noch wat skriuwe foar dizze Treffer.

Yn dizze 50e jiergong sille wy oandacht skinke oan 50 jier Treffer en fansels al dy oare SDS-aardichheden wêr 't wy sa graach oer skriuwe en lêze meie. Mar in soad lêsplesier tawinske!

Hawwe jim trouens in moaie foto fan it fuotbaljen makke stjoer dy dan nei

[**Feite@vandereems.nl**](mailto:Feite@vandereems.nl) en miskien stiet hy de folgende kear wol op de foarside fan De Treffer!

(WW)

50 jier Treffer	It 25e Meinte-Sixmatoernoai	Habtamu's sjoch
		
side 6	side 17	side 27

Ynhâld

<i>Fan de redaksje.....</i>	<i>3</i>
<i>Fan de jeugdkommisje.....</i>	<i>5</i>
<i>50 jier Treffer.....</i>	<i>6</i>
<i>Utneoging SDS-ledengearkomst.....</i>	<i>7</i>
<i>Oan it wurd: Okke van der Kamp.....</i>	<i>8</i>
<i>Noppen & Naaldhakken: Harmke van der Werf.....</i>	<i>10</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Steven Vellinga</i>	<i>12</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Elske Galema</i>	<i>13</i>
<i>Hite nûtsjes.....</i>	<i>14</i>
<i>Yndieling trainingsfjilden.....</i>	<i>16</i>
<i>25 jier Meinte Sixmatoernoai.....</i>	<i>17</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Habtamu de Hoop.....</i>	<i>19</i>
<i>SDS Look-a-likes(25)</i>	<i>20</i>
<i>SDS-Klean.....</i>	<i>21</i>
<i>Gebrûk keunstgersfjild</i>	<i>22</i>
<i>Persoanlik; Hessel Abels.....</i>	<i>23</i>
<i>Kees'Kollum: 2.000.000.000</i>	<i>25</i>
<i>SDS en GEKE.....</i>	<i>26</i>
<i>Habtamu's sjoch.....</i>	<i>27</i>
<i>Ut de âlde doaze.....</i>	<i>28</i>
<i>Doelpuntenmakers.....</i>	<i>31</i>
<i>Aginda.....</i>	<i>32</i>

Fan de jeugdkommisje

Het klinkt gek, maar als de competitie lekker los is, komt er iets van rust over een technische commissie. De meeste angsts zijn dan uit de pittige kwesties die rondom indelingen altijd spelen.

Ouders komen voor de belangen voor hun kinderen op, leiders laten zich gelden om goed met hun team voor de dag te komen, leden besluiten op basis van een ander perspectief qua studie, werk of anderszins toch nog te stoppen, anderen bedenken om toch graag (weer) te willen voetballen, kortom september is een drukke maand. Keuzes van de één, kunnen grote gevolgen hebben voor veel anderen. Binnen het damesvoetbal jeugd werd dit heel duidelijk dit jaar.



Waar we starten met drie teams in de planning, werd al snel duidelijk dat hem dat niet ging worden. Verschuiving van speelsters zorgde ervoor dat anderen minder plezier aan het teamgebeuren ervoeren en kozen eieren voor hun geld door alsnog te stoppen. Noem het een domino-effect. Uiteindelijk zijn we op twee elftallen uitgekomen, waarbij we de jongsten, op basis van het grote leeftijdsverschil, ook nog een leeftijdscategorie terug hebben moeten zetten. Onduidelijkheid voor speelsters en leiding. Toch is het mooi om te zien dat het nu loopt. Zeker dankzij de vrijwillige leiders/trainers die er hun schouders met elkaar onder gezet hebben.

Ook de JO12 is een tweetal spelers overgestapt naar een andere vereniging, waarbij ze op een hoger niveau kunnen spelen dan bij vv SDS. Voor teamleden en begeleiding is dat altijd slikken, als dragende spelers opstappen. Hierdoor kunnen de eigen prestaties verminderen. Vaak compenseert het team dit verlies uiteindelijk ook wel weer, doordat er spelers opstaan en zichzelf verbeteren. We hopen met elkaar dat dit bij de JO12 het geval zal zijn.

Uiteraard wensen we de spelers veel succes bij hun nieuwe club en ze weten dat de deur naar SDS altijd open staat!

Verder wil ik vanuit hier namens de tc/JC iedereen bedanken die meegewerkt heeft om te zorgen dat we goed konden starten in de competitie. Uiteindelijk hebben bijna alle teams een trainer en een coach, staat er elke wedstrijd een scheidsrechter op het veld en zie ik ook grensrechters langs de lijn. Onze club kenmerkt zich door vrijwilligers. Hoewel ieders leven druk is en het niet altijd meevalt om ook nog vrijwilligerswerk eraan toe te voegen, kunnen wij simpelweg niet bestaan zonder vrijwilligers. En u mag best weten dat ik me wel wat zorgen gemaakt heb of het allemaal in kunnen en kruiken zou komen dit jaar, maar uiteindelijk lukt het altijd toch weer, chapeau!

Namens de TC/JC vv SDS-Nijland


+Tjerk van der Pol

De Treffer de fyftichste jiergong yn

Yn 1970 bestie SDS 23 jier en dat wie wierskynlik it momint om mei in klupblêd te starten. Mannen fan it earste oere binne Freark Smink, Jan Strikwerda en Philippus Hingst. It is fêst net tafallich dat dizze fuotballers fan SDS alle trije skoalmaster wiene op dat momint. Dy earste Treffers wiene in oantal “earmoedich” dûbel foude A-fjouwerkes mei ynformaasje fan it bestjoer en in inkel ferslachje. Adfertinsjes wiene der noch net. De Treffer kaam in pear kear per jier út mar ûntwikkele him troch de jierren hinne ta in hiel aardich klupblêd op A4 formaat mei in fracht oan kopij. Redaksjeleden kamen en gongen en mei de komst fan ynternet ein jierren 90 wie it de fraach hoe lang in klupblêd noch bestearsjocht hie. It waard allegear wat minder dus goaide de Treffer it roer om. Der kaam in prachtich blêd op A5 formaat dat net mear fol stie mei wedstriid ferslaggen mar mei ferhalen oer minsken en mei moaie stikjes oer SDS en sa.

In blêd dêr't je efkes foar sitten gean. It is ek perfoarst net sa dat de Treffer opbokst tsjin www.vv-sds.nl, it Twitterakkount of Facebookside fan SDS. De Treffer is just yn dizze tiid in prachtich middel om sjen te litten, mei moaie, grappige, earnstige mar foaral lêsbere stikken dat it bij SDS yn it earste plak om de minsken giet en yn it twadde plak om de prestaasjes. It soe in grut gemis wêze at de Treffer der net mear wêze soe.

50 jier Treffer dat fertsjinnet in grut applaus foar de adfertearders dy't it boekje mei stypje en in noch grutter applaus foar de redaksjeleden fan earder, mar foaral fan dy fan no. Sy soargje der foar dat wij ús noch 4 kear yn it jier fernuverje kinne mei moaie ferhalen en fermaaklike teksten. Meitsje der ek no wer wat moais fan yn dizze 50ste jiergong.



Aant

De foarside fan de earste Treffers

Alde Treffers kinne jim neilêze op:

- <https://vv-sds.nl/treffers-1970-1999>

- <https://vv-sds.nl/treffers-2000-2020>

Wa hat de alderearste Treffers?

Wij hawwe in flink archyf mei Treffers, mar helaas net kompleet. Sa misse wy nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de kluis of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe. Wij heare it graach!

Nim dan kontakt op mei **Aant Hofstra** fia de mail: sds-nijs@home.nl of stiet him ris oan by it fuotbaljen.



Útnoeging ledengearkomst

*fan fuotbalferiening SDS op
woansdei 20 novimber 2019*

*Jûns om acht oere yn'e kantine op Sportpark
de Skoalleseize.*

Foarearste wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op de notulen en it jierferslach **
4. Ferslach fan de sponsorkommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen begrúting
7. Ferslach kaskommisje en beneamen nij kommisjelid
8. Fêststellen kontribusje

SKOFT

9. Bestjoersferkiezing: ôftredend en net op 'e nij te
beneamen: Anneke Gaastra
10. Skoalleseize
11. Rûnfraach
12. Slúting

** It ferslach fan de foarige ledengearkomste en it jierferslach
kinne jimme opfreegje fia [**info@vv-sds.nl**](mailto:info@vv-sds.nl)

Sterk Door Samenspel; dus oan't sjen op woansdei 20 novimber!

It bestjoer.

(sjoch foar de definitive aginda op [**www.vv-sds.nl**](http://www.vv-sds.nl))

Oan it wurd: Okke van der Kamp

Sûnt foarich seizoen is Okke van der Kamp trainer fan SDS 2. Tiid om him ris oan de tosk te fielen wa't hy is en hoe't hy it hjir by SDS fynt en sa.



Soesto dy yn it koart foarstelle kinne?

Ik bin Okke van der Kamp, kom út Aldegea SWF en bin pensioneard. Ik haw twa bern en bin sûnt in jier widner. Myn grutte hobby is fuotbal.

Do hast sels jierren keeper west?

Jawis! Mear as 20 jier haw ik under de latte stein by vv Oudega. Dêrnei noch 2 jier by vv Workum en op lettere leeftiid by vv Sneek noch in pear jier reservekeeper west by it 1e op snein.

As trainer hasto al by hiel wat klups west?

Dat binne der ynderdaad in hiele protte west en faaks mei in soad súkses. Oudega (4 jier), VVI (3 jier), Nijland (2 jier), Delfstrahuizen, Bakhuizen (3 jier), Wispolia, Sint-Jacob, Sint-Annaparochie 2(5 jier), Frisia 2 (2 jier), sc Joure 2, Wolvega 2, CVO 2 (2 jier) en Rottevalle 2. Tusken troch bin ik noch wol ynterimtrainer west by vv Oudega wêr ik ek 16 jier foarsitter west bin.

Do hast fêst ek wolris tsjin SDS balle as keeper as trainer?

As keeper en as as trainer haw ik in kear as 4 tsjin SDS balle. As keeper haw ik minne herrinneringen. Tsjin SDS hie ik altiten in pear blunders.... As trainer by Oudega(2x) en VVI(2x) wûnen wy alle keren.

Welke wedstriid út it ferline stiet dy it meast by?

Dat is in bekerwedstriid mei Oudega tsjin Harkemase Boys foar de beker. We wûnen troch penaltys wylst wy 4^e Klasse spilen en sy 2^e Klasse. Dêrneist in wedstriid mei Workum yn it âlde Abe Lenstra-stadion tsjin sc Heerenveen. Sy hawwe net by my skoord. Fierders haw ik noch wol hiel wat gedenkwaardige wedstriden meimakke.

Fan welke trainer hasto it meast leard?

Fan Hielke Kerkstra by Workum haw ik in soad leard. Dêrneist fan trainers út it betelle fuotbale lykas Simon Kistemaker, Jan Poortvliet, Luc Nijholt, Cor Pot, Marcel Keizer en Ad Versluys.

Op welke trainer yn it betelle fuotbal likesto it meast of hasto it meast mei?

Ik haw it meast mei de âld-trainer Simon Kistemaker. Fan de hjoeddeistige trainers nim je fan alles wat mei. Foaral fan Eric ten Hag om't ik him al kin

fanôf syn 18^e. jier. Lêsten nei de oefenwedstriid tsuken Ajax en sc Heerenveen yn Heerenveen haw ik noch in skoft mei him praten.

Hoe sjochsto de takomst foar SDS?

Dy sjoch ik optimistysk temjitte. Der binne talintfolle spilers en trainers en dêrneist in prachtich keunstgersfjild. Dat keunstgersfjild is foaral hiel wichtich om goed traine te kinnen. Fierder fyn ik dat it bestjoer de saken goed foarelkoar hat.

Wêr sjochsto foar SDS noch wol ferbettering?

Dat is moeilik, mar ik fyn dat der om de trainingen hinne de kantine wol mear as sosjaal plak tsjinst dwaan kin. Dat supportes bygelyks efkes del komme om in bakje kofje en dat spilers wat mear hingjen bliuwe.

Hoe soesto de seleksje fan SDS 2 typere?

It is in enthousiaste groep mei in pear rutiniers en jonge spilers dy 't graach traine wolle.

SDS 2 docht it dit seizoen mar knap. Sit der dit jier noch in pryske yn?

Dat soe hiel moai wêze. Wy probearje in Periode te winnen en as wy wat mear skore dan sit dat der seker yn.

Wolsto oars noch wat kwyt?

Ik bin gek fan fuotbal en genietsje fan alle trainingen en wedstriden fan it 2^e!



*Okke flucht hiel wat wedstriden ôf. Hjir is hy mei Douwe Posthuma by AZ – PSV.
(WW)*

Noppen en Naaldhakken

Oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken

Efkes foarstelle oan...

Harmke van der Werf



SDS hat der dit nije seizoen wer in oantal nije leden by, sa ek in oantal nije froulju dy't spylje by SDS VR1. Harmke is ferline jier by SDS kaam, se traint mei by VR1. Tiid foar in petear.

Harmke, kinst earst wat oer dy sels fertelle? Hoe âld bist, wat dochst yn it deistich libben, wêr wennest en mei wa?

Ik bin 27 jier en wenje yn Rien mei myn bordercollie Ties. Ik ha nei de middelbare skoalle de PABO dien en hoopje takom jier mei de master Orthopedagogiek te begjinnen yn Grins. Yn 'e tuskentiid bin ik mei ferskeidene projekten dwaande. Op dit stuit skriu ik (yn)terview)ferhalen oer âlders fan topsporters en bin ik belutsen by de jeugdoplieding en MVO-ôfdieling fan SC Heerenveen.

Wat is dyn skiednis yn 't fuotbaljen?

Doe't ik lyts wie fuotbalde we altiten yn Dearsum. Doe't we it skoallefuotbaltoernoai yn Easterlittens wûnen, wie ik net mear te hâlden en gie ik nei VV Skearnegoutum. Dêr bin ik by de jongens begûn, ik ha noch in tiidsje by de Dames spile en bin dernei nei ONS gien.

By Skearnegoutum bliuw ik trainer/coach en ik waard ek noch sportmasseur by CAB (no SC Bolsward-snein). Sa gie ik elk wykein foar njoggen punten by trije ferskillende klups.

Do hast al hiel wat nammen op dyn list, hoe en wêrom bist doe by SDS bedarre?

Yn 2015 ha ik by it beklimjen fan de Kilimanjaro hersenletsels oprûn. Dernei ha ik lang refalidearje moatten. Wedstriden spylje en training jaan wie doe oer, ik ha noch besocht om as masseur by SC Bolsward werom te kommen, mar ek dat slagge net. Doe't ik in pear jier letter yn Rien kaam te wenjen kaam ik yn petear mei Akke Rixt oer SDS. Sadwaande gie ik in kear meitrainen; de earste kear dat ik mei die kin ik my noch goed herinnerje. In magisch moai gefoel dat myn fuotten sawat útfierden wat ik yn myn holle hie!

Wat in bysûnder ferhaal en wat prachtich dasto no wer fuotbalje kinst. Do bist by is soad ferienings belutsen west, merkst ek ferskillen tusken de fuotbalklups?

Wat ik hiel leuk fyn, is it protte Frysk by SDS, dat jout al in fertroud gefoel. Ik tink dat Skearnegoutum en SDS as doarpsferienings op inoar lykje. Trochdat der by ONS in hiel soad minsken fan bûten de klup komme, fyn ik dêr de klupbining wat minder. By CAB fieldde ik my ek thús, spitigernôch is it SC Bolsward noch net slagge om fan de ferskillende klupkultueren ien te meitsjen. Sa hat elke klup har foar- en neidielen.

Bist sels ek supporter fan it fuotbalklup?

Ja fansels fan SC Heerenveen.

Dochst neist fuotbal noch oan oare sporten?

As jim ris in frou yn badjas troch Rien rinnen sjogge, dan is de kâns grut dat ik de wettertemperatuer teste sil... Ik swim graach, en doch graach oan oare bûtenporten: fytse, drave, kanoën, reedride, ensf..

Wolst fierder noch wat kwyt?

Ik wol de froulju en trainers fan SDS betankje dat ik mei jim meitraine mei! Derneist fyn ik it moai om te sjen dat de manlju om en om de froulju training jouwe en de froulju op har beurt wer de famkes. Moai hoe't je elkoar sa better meitsje. Derneist soe ik tsjin de oare SDS'ers sizze: Hâld it damesteam yn de gaten want der sit in moai seizoen yn!

(TB)



In fruitmandsje bringe by Steven Vellinga



Steven Vellinga hie ferline seizoen in knap seizoen yn de JO19 en soe him no bewize by de senioaren. Fol goeie moed begie hy by SDS 2 te trainen, mar nei twa trainingen seagen wy him net wer. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

"Ik heb mijn linkerknie overtraind. De pijn zit hem dus voornamelijk daar. Het komt eigenlijk vanuit mijn bovenbeen en mijn zij, waar een spiergroep nogal vast zit. De blessure wordt ook wel een runners knee genoemd.

Hoe hast dat sa krigen?

Het klinkt misschien een beetje gek, maar ik heb me overtrained. Simpelweg te veel van mijn lichaam gevraagd deze zomer.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Nee, eigenlijk niet. Ik zou 25 km gaan lopen, en mijn benen leken al heel vroeg op te zijn. Ik zat denk ik nog maar op 5 km toen ik gewoon niet meer in mijn normale pas kon komen. Ik liep een beetje verstijft zeg maar. Het kwam vanuit mijn knie, maar het leek meer op een beetje spierpijn. Ik vond het alleen een beetje raar omdat ik die week alleen nog maar één kleine training had afgerond. Ik had verwacht dat het met een dag rust wel weer over zou zijn, maar dat viel dus flink tegen.

Hoe giet it mei dyn herstel?

Het gaat wel redelijk, ik kan gelukkig alweer lichtelijk trainen en hoop om over een paar weken ook weer wat wedstrijdriften op te doen

Giest ek nei de fysio en sa?

Ja, eerst één keer in de week, maar sinds kort nog maar één keer in de twee weken.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?

Dat is moeilijk te zeggen, ik train nu eerst weer lichtelijk en hoop na 2 of 3 weken weer een paar minuten te maken. Het is alleen lastig te zeggen of dat gaat lukken. Tot op heden lijkt het goed te gaan met de knie, maar dat kan ook zomaar weer veranderen, afwachten dus...

Wy hawwe ek heard dasto meidwaan silst oan in marathon?

De Marathon van Amsterdam stond inderdaad op de planning, maar daar kon door deze blessure een dikke streep doorheen. Verschrikkelijk balen natuurlijk,


maar ik kan er niks meer aan veranderen. Wanneer het weer kan zal ik het hardlopen gewoon weer rustig oppakken. Daarna wil ik toch gaan kijken wanneer ik een nieuwe in kan gaan plannen, want één ding staat vast, die magische 42,195 km gaat ooit een keer gelopen worden.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

Ik mis het eigenlijk het meest om gewoon te sporten. Ik ben er de afgelopen anderhalve maand wel achtergekomen dat ik niet zo goed zonder beweging kan.

Steven, in protte sukses mei dyn herstel! Wy hoopje dy snel wer op it fjild te sjen!

In fruitmandsje bringe by Elske Galema



Sneon 19 oktober moast SDSVR1 yn'e bekrerronde spylje tsjin WTOC. Sy wûnen mei 2-4. De froulju in runde troch yn'e beker. Wy hoopje dat Elske tsjin dy tiid wer herstelt is...



Elske, wêr hast lêst fan?

Ik ha myn grutte tean brutsen...

Hoe is dat sa kaam?

Ik wie ûnderweis nei it doel, krige in moaie stekpass oan de rjochterkant, de keeper kaam krekt út har doel. We giene beide foar de bal, knalden hjir by hurd tsjin elkoar oan en myn grutte tean krige in in knal.

Balen... Mar hast wol skoard?

Nee...

Noch minder.. merktet metien dat it mis wie?

It die wol sear, mar koe earst wol troch. Mar nei sa'n 5 minuten gie it echt net mear en bin ik it fjild ôf gien. Wy hawwe in arts yn it team, dy tocht net dat it brutsen wie. Mar snein wie de tean hielendal blau en by de dokterwacht die bliken dat der oan de ûnderkant brutsen wie.



En no?

Ik moat 4 oant 6 wiken rêst haw en ik ha in aparte skoene oan. Dus ik hoopje dat it herstel wat opsjit.

Dat hoopje wy ek! Protte betterskip tawinske.

(TB)

Hite nûtsjes

Witsto wol dat de Treffer dit jier 50 jier bestjiet?

It siet der al even oan te kommen de lêste jierren fansels. Moai momint yn de skiednis fan SDS.

Wurdt der ek spesjale oandacht oan skonken?

Dêr moat nochris oer neitocht wurde. Miskien kin it moai kombineard wurde mei it 75-jierrich bestean fan SDS yn 2022.



No 't wy it dochs oer it 75-jierrich jubileum hawwe. Hasto al wat leuke ideeën om te dwaan?

Noch net echt, mar ik siet al oan in SDS-plaatsjesaksje te tinken tegearre mei de Jumbo-Kooistra. En in grut feest fansels. SDS is al oan it sparjen!

Hoe lang skriuwsto eins al stikjes foar de Treffer?

Al mei al in jier as 20 tink. Yn earsten mei sa no en dan in wedstriidferslach yn de tiid dat der noch gjin SDS webside wie.

En do?

Ik kaam sa 'n 20 jier werom by de Trefferredaksje om de webside op te setten en dêrneist skreaun ik stikjes.

Hoe kin it dochs dat sc Heerenveen op it ein fan de transfermerke in groeibriljant as Joey Veerman sa ophelje kin by Volendam? Hawwe al dy oare klups yn koma lein of sa?

It sil in kombinaasje fan faktoren wêze. Middenfjild al goed beset (AZ, Utrecht, Ajax), gjin fiskkraam (Vitesse), blessure Joey en grif noch wol wat. SC Hearrenfean hat yn elts gefal in goede slach slein mei it fêst lizzen fan dizze ras-fuotballer.

Is Joey Veerman de nije Frenkie de Jong?

Dat giet my wat te fier, mar hy is goed en wurdt allinnich noch mar better. Hy sjocht de oplossing al foar't er de bal hat en (hast) al syn passes komme oan. In lust om nei te sjen.

Bisto ek sa bliid foar al dy Cambuursupporters?

Ja man, geweldig. Ik gun it se fan hert(e)gang. Henk de Jong hat it (yn gearwurking mei de rest fan de technyske stêf en direksje) toch mar wer foar elkoar krigen. Mar goed, it earstedivysje seizoen is noch lang. It is dus noch even ôfwachtsjen as de echte derby wer ris op it programma komt.

Wat do?

Alles foar de derby! In fol Abe-Lenstrastadion sil sc Heerenveen ek goed

dwaan!

Hawwe se fanút Argentinië de ferkearde Argentijn nei Feyenoord stjoerd?

Miskien is it syn twallingbroer?

Mar goed, foar Messi soe it ek net tafalle om yn dit Feyenoord te spyljen. It is los sân, wêrby't de kerrels safier ut inoar lizze dat se elkoar amper sjogge.

“Alles foar de derby!”

Is Ajax daliks lyk nei de winterstop al kampioen?

Sa mâl sjoch ik it net gean. Ferwachtsje wol dat PSV oant de ein meidwaan bliuwt. Dêr is it ferskil tusken harren en de oaren (utsein miskien AZ) te grut foar.

Hasto ek sa 'n meiliden mei al dy Ajax-supporters dy 't no net wolkom binne by Chelsea – Ajax?

Ja man, moai ritsje troch de noas boart troch in oantal minsken dy't de beneaming 'supporter' net wurdich binne.

Stamford Bridge stiet grif op in protte 'groundhop' listen om nochris te besykjen.

Bisto ek sa gek op de 'coefficiëntenpolonaise'?

It is lykas it fuotbaljen hjoeddedei; 'de waan fan de dei'. Daliks yn de winter alle Nederlânse klups krekt útskeakele yn Europa en 'it coeffeciëntenkaartenhûs' falt as in pudding ynelkoar. Mocht it wol goed gean dan stean wy daliks mar mei 6 Nederlânse klups yn Europa en fleane wy der yn de foarrondes wer mei syn allen út.....

Hellet Koeman it EK?

As Frenkie de Jong mei Barcelona gjin gekke dingen docht dan bliuwt Ronald Koeman gewoan oant en mei it EK bondscoach fan it Nederlâns alvetal.

Of sjochst noch in oare trein del kommen?

Ik ha earne lêzen dat Ajax ynkoarten mei de trein nei Lille ôfreizigje sil, mar ik nim oan dat ten Hag dêr dan ek yn sit en net ûnderweis oerstapt rjochting München. Yn dat gefal sil Koeman wol op Papendal bliuwe tink.

Wurd Liverpool foar it earst sûnt 1990 kampioen?

Ik sjoch it swier yn..... Manchester City liket yn de breedte dochs sterker en yn in drege kompetysje as dy yn Ingelân kin je dat wolris opbrekken gean. Earst it programma mei de Kryst mar ris goed trochkomme. Liverpool mei rûn de feestdagen ek noch efkes nei Qatar foar it WK foar klups..... Wol hearlijk trouens al dat Ingelske fuotbal rûn Kryst en Ald en Nij en no ek noch it WK foar klups. Kinne wy fêst oefenje foar it WK yn de winter fan 2022. Wylst elkenien syn ferplichte besykjes ôfwurket ein desimber moatte drok oefenje mei in kâlde klets en wat hite nûtsjes foar it fuotbaljen op de tillevisje!

Yndieling trainingsfjilden

De yndieling fan de trainingsfjilden steane hjir ûnder.

Mocht in trainer op in oare tiid of fjild traine wolle dan kin dat allinnich yn oerlis mei ús wedstriidsekreteraris Syb Overal (wedstriidsekreteraris@vv-sds.nl).

Dit om te foarkommen dat der bygelyks tefolle ploegen tagelyk op it keunstgersfjild fuotbalje.

Traningsschema seizoen 2019/2020						
	Kunstgras			Achter de sporthal		Nijland
Maandag						
17:00						
18:00	JO9	JO10		JO15-2	JO8-1	
19:00	MO15	JO13-2	JO11	MO19		
20:00	VR1	JO17-2				
Dinsdag						
17:00						
18:00	JO13-1	JO12	JO15-2	JO15-1		
19:00	SDS 2 / 3	JO19-1/2				JO17-1
20:15	SDS 1					
Woensdag						
17:00	JO8					
18:00	JO15-2	MINI-LEAGUE		JO9	JO11	
19:00	MO19			JO17-2	MO15	
20:00	VR1	VR2				
Donderdag						
17:00				JO10		
18:00	JO15-1	JO17-1		JO12	JO15-2	
19:00	SDS 2 / 3	JO19-1		JO13-1	JO19-2	JO13-2
20:15	SDS 1			SDS 4 / 5		

Het veld voor de boxen niet gebruiken als trainingsveld. Dit veld gebruiken we zaterdag voor de competitie van de jongste jeugd.

Houdt je aan het trainingsschema en ga niet op het kunstgrasveld als je er niet op ingedeeld staat. Het kunstgrasveld slijt sneller dan de bedoeling is en op die manier kunnen we het kunstgrasveld nog wat sparen.

25^e Meinte Sixma-toernoai

Herfstvakantie betekent voor het jeugdbestuur maar één ding: het Meinte Sixma toernooi!

In september belt één van de nazaten van Meinte Sixma, zonen Klaas of Eeltsje altijd met de voorzitter van de JC. 'Hoe liket it? Ik ha op de aginda noch net in datum sjoen fan us toernooi!' is dan een bijna vaste openingszin. "De familie wol graag troch mei it toernooi, ek al ha we no de jubileum-edisje!" Voor ons als commissie zijn dat mooie berichten. We bieden de kleinste jeugd onder de 13 jaar altijd een middag, waarin voetbalplezier en samen bewegen met elkaar de belangrijkste factoren zijn. Eeltsje en Klaas kunnen niet genoeg benadrukken dat het toernooi nooit ten onder mag gaan aan prestatiedrang. Plezier, daar gaat het om. Dus geen grote bekens voor de winnaars.



Dit jaar dus een jubileum. Liefst 25 jaar sponsort de familie Sixma al het naar hun vader genoemde toernooi. Volgens de overlevering werd het eerste toernooi in de zaal gespeeld in de kerstvakantie. Later is het verhuisd naar de herfstvakantie en kan het, sinds we een kunstgrasveld hebben, vrijwel altijd doorgaan. Meinte Sixma was een lid in de buitencategorie: Spelen, trainen, leiden, besturen en nog veel zaken achter de schermen regelen. Leden die de club laten leven op alle niveau's. Volgens zonen Klaas en Eeltsje was voetbal een belangrijke factor in het gezinsleven van de familie. Hij zette zich er onder andere voor in om te zorgen dat er geen club in Wommels werd opgericht destijds. Hij was hier fel op tegen, aangezien in zijn visie één club in de regio veel sterker zou kunnen zijn dan twee kleinere clubs. In die zin sluit het feit dat vv Nijland wederom vertegenwoordigd was tijdens het toernooi hier mooi bij aan!

De 25^e editie werd een succes. De vrijwilligers, Minke, Jurjen, Thomas Oane, Michiel, Jasper, Sije en Olaf zorgden voor een vloeiend wedstrijdverloop op drie velden. De kids onder de 10 jaar speelden 5 x 5 en de oudere kinderen 6x6 op een lang maar smal veld. Er waren 10 nijlanders aanwezig en naast spelers van jo8 tot en met 13 (inclusief mo) ook nog de oudste lichte van de mini league. In totaal ruim vijftig kinderen, waarvan 10 uit Nijland. Kortom een prima bezetting! Eeltsje verrichte met dochter Cathlyn de aftrap om precies twee uur, na een korte maar mooie speech! Tijdens de speech overhandigde eeltsje namens de familie nog een mooie enveloppe met inhoud, wat ten

goede komt aan de jeugd van vv SDS! De jeugdcommissie zette vervolgens de familie in het zonnetje met een bloemetje.

Bij de kids kwam uiteindelijk Ajax boven drijven als winnaar met Jinse Durk de Jong, Melle Terpstra, Jens Steehouwer, Marc Hoekstra en Yannick Ybema. De roem voor één dag bij de oudere spelers ging naar Bayern München met Lukas Abma, Sven de Haan, Mohammad Ali, Mohammed Dahir, Johan Gastra en Fenna Sweering.

De JC (Lize, Anneke en Marjo) kregen hulp van Fokke Boschma bij het bakken van de patat. Dit smaakte een ieder prima!

Kortom een heerlijk toernooi, wat we als het zowel aan de familie Sixma als het jeugdbestuur van vv SDS/vv Nijland betreft nog vaak gaan herhalen!

Namens JC vv SDS/Nijland

Tjerk van der Pol



De ôftraap fan it toernooi waard dien troch Eeltsje Sixma en dochter Cathlyn.

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

In fruitmandsje bringe by Habtamu de Hoop

Habtamu de Hoop spilet de lêste wiken net by SDS 1, mar stiet gelokkich al wol wer oan de kant te sjen. Wy soenen him ek wer graach op it fjild sjen. Hoe is it mei him? Wêr hat hy eins lest fan?

Wêr hast lêst fan?

Op skoalle krige ik in protte lêst fan myn rêch. Sa erch sels dat ik net mear rinne koe en my ophelje litte moast fan skoalle troch myn âlders. Doe 't ik sels de auto net ynkomme koe, binne wy fourt nei de Spoedeisende Hulp gien. Nei in soad ûndersyk en noch mear morfine waard mij ferteld dat ik in longvliesontsteking hie. Letter seagen hja ek nog dat ik focht yn myn longen hie en in lek hertpûdsje. En sa waard ik 4 dagen opnaam yn it MCL.



Hoe hast dat sa krigen?

Ik haw blykber in firus of 'luchtweginfectie' oprûn sûnder it te fernimmen. Sa fiele je sa fit as in hûn en sa lizze jo jûns yn it sikenhûs.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Earst foel it wol ta, ik belle Douwe ôf foar it trainen omdat ik wat lêst fan de rêch hie, maar dit waard binnen in oere wol sa slim dat ik doe wol yn de gaten hie dat der iets net klopte.

Moasto no ek noch opereard wurde of sa?

Ik haw de kommende tiid ferskillende undersiken yn it sikenhûs foar myn nieren, hert en longen. Benammen echo's om dingen út te slúten. Fansels gean ik der fanút dat dit allegear positief is en dat der gjin operaasjes nedich binne.

Kinne wy dy dit seizoen noch op it fjild ferwachtsje?

Ik hoopje yn desimber wer te trainen en nei de winterstop wer te baljen, mar myn kondysje is op dit momint wol hiel belabberd. En fierder bin ik de ôfrûne wiken ek wat te folle kilo's kwytrekke en dêr hie ik der al net in soad fan. Dus earst saak om hielendal op te knappen. Dan komt de kondysje fansels wol wer.

Wat mist it meast no asto net fuotballest?

De moaie keale kopkes fan Jacob en Lourens, it neitraapjen fan Matthijs, de aksjes fan Gerwin, it gefoeter fan Jaap, de schwalbes fan Remco, op'e bank sitten tegearre mei Wiebe... ik kin eins net kieze.....

Habtamu, wy hoopje dy gau wer yn it fjild te sjen! Betterskip!(WW)

SDS -Look-a-likes(25)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Aant Hofstra as Billy Gibbons (ZZ-Top):



Lolke Hofstra as Theo Maassen:



Jeska Terpstra as Geraldine Kemper:



SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-
SDS-rugzak: €31,-
SDS-trainingspak: €42,-
SDS-trainingsbroek: €25,-
SDS-trainingsbroek kort: €18,50
SDS-sweater: €25,-
SDS-midjack: €47,50
SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50
SDS-polo: €21,-
SDS-hooded sweater €32,-
SDS-hooded damesvest €32,-



Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie. Hjir kin efentueel ek past wurde.

SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de bestjoerskeamer en by Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



Gebrûk keunstgersfjild

Hoewel een kunstgrasveld vergeleken met natuurgrasvelden een stuk minder onderhoud nodig heeft, is een onderhoudsvrij kunstgrasveld een illusie. Elk kunstgrasveld heeft onderhoud nodig.

Verontreinigingen zijn funest voor elke kunstgrasconstructie. Zwerfvuil, bladeren en takjes, maar ook kleinere deeltjes zoals mos, algen en fijne zandkorrels zorgen ervoor dat de bovenlaag dicht gaat zitten. Zo vormt zich een harde laag die leidt tot gladheid, verminderde waterdoorlatendheid en verhoogde blessuregevoeligheid. Ook de levensduur van een kunstgrasveld heeft hier natuurlijk onder te lijden.

Als trainer, leider, speler en ook ouder hebben wij allen de verantwoordelijkheid om toe te zien op naleving van de kunstgrasregels. Belangrijk is voor aanvang de tegenstander goed te ontvangen en de regels duidelijk te maken, met het vriendelijke verzoek zich hieraan te houden.

De Kunstgrasregels:

1. Gebruikers van het kunstgrasveld mogen alleen met schone voetbalschoenen het kunstgras op. Zorg dus voor schone voetbalschoenen vóór je het veld op gaat, gebruik de matten.
2. Betreed het veld alleen via de toegangshekken.
3. Geen kauwgom op het veld.
4. Geen glaswerk op of rond het veld.
5. Het veld mag absoluut niet betreden worden met rookwaren en/of vuur.
6. Geen stalen noppen gebruiken.
7. Niet expres tegen de omheining schieten.
8. Het kunstgrasveld is uitsluitend toegankelijk voor de spelers, hun teamleider, hun trainer en voor zover van toepassing natuurlijk de scheidsrechter. Het publiek dient zich achter de veldafscheiding op te houden. Ook het staan van het publiek tegen de binnenkant van de veldafscheiding is dus niet toegestaan.
9. Niet slepen met doelen (optillen dus).
10. Na gebruik oefen- en jeugdgoelen terugzetten op de opstelplaatsen.
11. Er dient op te worden toegezien dat niemand aan doelen of doeltjes gaat hangen.
12. Stichting de Skoalleseize bepaalt in overleg met de consul bij extreme weersomstandigheden of het kunstgrasveld gespeeld kan worden. Trainers en leiders worden verzocht er op toe te zien dat de regels worden nageleefd.

Rubberkorrels

Na de training of wedstrijd de kleding goed uitschudden. De rubberkorrels zijn namelijk schadelijk voor de wasmachine. Stichting de Skoalleseize en vv SDS zijn niet aansprakelijk voor eventuele schade aan wasmachines.

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Hessel Abels	
Namme	Hessel Abels
Berne	08-11-08
Yn Wommels, Easterein as....	Ljouwert
Skoalle	De Romte Itens
By SDS sûnt	2014
Team	SDS JO 11-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	Sc Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Manchester City
Beste trainer	Jürgen Klopp
Beste fuotballer yn Nederlân	Henk Veerman
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Mathijs de Ligt
Favorite fuotballer SDS	Peter Hoogerwerf
Beste keeper	Allisson Becker
Favorite posysje	Verdediging
Sterkste punt	hurd skot
Swakste punt	dribbelje
Moaiste stadion	Allianz Arena yn München
Idoal	Matthijs de Ligt

Hichtepunt	Earste wedstriid op Flylân spile
Djiptepunt	Dik ferlen
Moaiste goal	Fanôf de middel-line deryn
Skoudertriuw as tackel?	Skouwdertriuw
Boas om	Dat er oan myn shirt lutsen waard
Flinters yn de búk fan	Kampioen wurde
Tillevysje	Planet Earth
Muzyk	AC/DC
Lekkerste iten	Nachos en pizza
Minst lekkere iten	Courgette en champignons
Bakje patat of broadsje sûn?	Bakje patat
Drinken	Cola
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Bûten boartsje
Favorite game	Farming Simulator
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Juiche mei myn teamgenoaten
Kampioen Earedivyzje 2019/2020	SC Heereveen
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heereveen
Moaiste sjurt	Thússhirt Heereveen
Lelijkste sjurt	Keepers sjirt van Engelân 1996
Fuotbalskuon	Nike Mercurial
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Wol ik Architect wurde

Kees'Kollum; 2.000.000.000

Twa miljard. Safolle Euro's sitte der yn de pot foar de Champions League dit jier. Seis jier lyn wie dat noch "mar" de helte mei sa'n 1 miljard Euro. Wêr is de tiid dat klups noch Europees fuotbal spilen fanwege de faantsjes?

Wy binne it tiidperk fan de grutte getallen ynslingere, wylst wy noch altiten de borrelnútsjes en it blikje bier klearsette op tiisdeis.

Ik probearje de sifers wat te begripen, mar wurd oflieden troch trekkers dy't oer de ring Amsterdam ride mei in Fryske flagge eferop. Se ride nei Den Haach om it te hawwen oer de 106 miljoen kilo stikstof dy't se ústjitte soenen. Gas útdrukke yn miljoenen kilo's is al hielendal gjin dwaan.

Dan mar gau de blik festigje op de 100 miljoen dy Ajax byskriuwe mocht troch harren geweldige Champions League-seizoen. Real Madrid en Juventus waarden útskeakele en krekt foar de streep hellen wy de finale net.

“Nei Mars! Der hawwe se nog gjin stikstofregels”

Hiel herkenber foar in Nederlanske ploech. So far, so good. Boppedat klinkt miljoen wat fertrouder as miljard. Dit getal moat dus gewoan te begripen wêze. De logika falt fuort as ik sjoch nei de ploech. Ajax hie in pear excepsjonele talinten dy't no wer foar in soad jild ferkocht binne, mar eins wie it krekt of 't sy in modesjo wûn hawwe mei klean út de kringloopwinkel. Daley Blind wie net slagge bij Manchester United, Dusan Tadic spile dêrfoar bij Southampton en Lasse Schöne wie al tsien kear bij de dyk setten en net ophelle troch it groffuil. Mei sa'n stuntploeg helle Ajax de heale finale en binne de ferhâldingen qua jild no sa dat der sprutsen wurdt oer in definitief Bayern Munchen-scenario. Allinnich PSV kin miskien mei.

In pear goeie halen yn de Champions League en de rest fan de Eredivisie leit withoe fier efter. Op snein is it net de fraach of Ajax en PSV winne, mar mei hoefolle. It is krekt as Ajax en PSV meidogge oan de race nei Mars, wylst Cambuur en Heerenveen noch ûnderling ôfrate moatte wa't wannear it ynternet op mei. Tiisdeis pakke wy de fierrekiker derby en sjogge wy nei de race troch it heelal, op snein kere de austronaten werom op it keunstgers fan Den Haach en binne se wer efkes oan te reitsjen.

De getallen dúzelje en it is wat koffiediksjen wat de effekten oanbelanget. Mooglik binne de effekten nihil trochdat de Euro's besteed wurde oan Roemeenske of Kolombiaanse balkeunstners mei dikke jiersalarissen. En oars moatte wy ús tefreden stelle mei in noch gruttere dominantie as oars. Yn dat gefal is it kredo dúdlik: bou in grut lansearplatfoarm (Feyenoord-city), dekorear je spaceshuttle mei stuollen út de kringloopwinkels en mik op Mars! Der hawwe se noch gjin stikstofregels.

(KA)



Slút je oan by GEKE en stypje SDS

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Koöperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!



Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



Habtamu's sjoch

Oefen:

MKV 29- SDS (1-0)

SDS- Bolsward (8-0)

SVM - SDS (2-1)

Beker:

SDS - Beetgum (6-2)

Berlikum - SDS (0-0)

SDS - Franeker (3-2)

Kompetysje :

Oeverzwaluwen - SDS (1-4)

SDS - Scharnegoutum (1-1)

SDS - Makkum (1-2)

Oudehaske - SDS (1-1)

SDS - CVVO (2-1)



It earste fan SDS hie dit seizoen in goeie tarieding en slagge der krekt as ferline jier yn om troch te bekerjen. De lêste wedstriid tsjin SC Franeker wie dan ek in hiele spannende pot. As de 3-2 net skoard wie troch Wiebe Herres hie Berltsum troch bekere ynstee SDS.

Ek yn de kompetysje hie SDS in flammende start mei in 1-4 oerwinning yn Koudum en in lykspul yn de derby tsjin Skearnegoutum. Spitich genôch wisten wy dit net troch te setten tsjin Makkum en Oudehaske. Wolle wy meidwaan yn de top fan'e 3e klasse dan sille wy ek dizze wedstriden faker winne moatte. Ferrassend wie dan toch wol in bytsje de knappe en ferstjinne 2-1 oerwinning op degradant CVVO. In leuke seizoenstart foar SDS 1!

Opmerkelijk:

20 augustus: Peter Stuiver stiet op goal bij de oefenwedstriid tsjin MKV, as hy by de tsjingoal in fout makket docht hy in "Jesse vd Weide" en slagget syn finger kapot

26 augustus: SDS spilet op dizze waarme jûn út tsjin SVM. Neffens fersoarger Hennie is it te waarm om te fútbaljen. Waarman Frank Bervoets treed op en fynt dat it gewoan troch gean moat.

14 sept: Wierd sjocht "Ik hou van Holland" en freget him ôf hoefolle mannen fan 30 jier en âlder noch thús wenje... Jacob en Erik wisten it antwurd!!

17 sept: De mûzen rinne oer it keunstgersfjild. As de SDS-kat nergens te finen is beslút Habtamu mar in bidon te pakken en dien wurk te meitsjen.

21 sept: Wierd is net tevreden mei it presentaasjepak, en ferjit hem oan te dwaan, €5,- ekstra yn de pot

28 sept: Wierd ferjit syn polo en trainingsbroek, €10,- extra yn de pot. Lourens de yndraafsjurts. Ek €10,- yn de pot...

30 sept: Dat Skearnegoutum in clown ynhiere hat foar harren ferslagen fan de wedstriden komt dúdlik nei foaren yn harren stik nei de derby.

5 oktober: De Polboys wurde stimuleard om te skoren. Moat lukke mei Steven en Lourens. Sy skore wol faker yn it selde net. Broerke Piter is gelokkich in ferdediger...

19 oktober: Mark Klijsma ea as pupil fan de wike op de foto bij syn grutte held Jaap Toering, sit op de bank. Jappie Wijnia is grut fan!

20 oktober: Der is in namme betocht foar de SDS kat: Azraël. Jacob Klaas soarget goed foar him

Yn'e rin fan it seizoen mear!
(HdH)



Ut de âlde doaze

Ut in âlde Treffer fan 30 jier lyn:

Jiergong 1989 nûmer 5 oktober.

Redaksje:	Hinke Kuiper	05159-2727
	Bauke de Boer	2555
	Marten Nauta	2386

Ledengearkomste op 13 novimber 1989 Yn 'e Keet,

13. De nije fjilden en de nije kantine.

SDS 3, een nieuw seizoen, een nieuwe ploeg!

Wat is er allemaal veranderd in de te lange zomerstop? Veel, heel veel. Daantje Boersma ging op zichzelf wonen en één enkeling stapte zelfs in de huwelijksboot..... (nog bedankt allemaal

35 +

De Fryske fuotbalbûn fûn it nedich dat de âldtsjes fan de fuotbalkluppen yn Fryslân bijelkoar yn ien alvetal kam en en dan bijelkoar yn ien klasse.

Us earste oerwinning kaam ek. En hoe. Mei in efterstân fan 0-3 focht de ploech har mei tsien man yn de wedstriid werom (Teake B. de Skiedsrjochter fûn dat Appie earst ûnder de brûs mocht) It waard 3-4.

SIEP'S DUMP

Hearedyk 49, Itens

S.D.S. 2C.

Sybren Reinsma	3x
Tjalling Nauta	2x
Erik Bosgra	1x
Willem Wijnia	1x
Folkert Gorter	1x
Sjoerd Boonstra	1x

Op 23-9-1989 moesten we thuis tegen Blauwhuis. Het zou wel moeilijk worden, want ze stonden boven aan. Na een goede eerste helft hadden we een 6 - 0 voorsprong genomen, maar de tweede helft ging het slechter, we kwamen niet meer in ons spel. Het werd uiteindelijk 7 - 1. Het was ons eerste tegen doelpunt in 6 wedstrijden die we gespeeld hadden, maar we namen de leiding in de competitie over van Blauwhuis. De doelpunten werden gescoort door Gerlof 3, Jeroen B 2, Sebastiaan en Rene 1.

SDS¹ SEALFUOTBAL

ANDRIES STUIVER ALLINNE OAN DE LIEDING YN IT PUNTENKLASSEMENT FAN STRAFMINUTEN

* 1	S.D.S.	E1	7	14
2	MULIER	E1	7	10
3	BOLSWARDIA	E1	7	8
4	MAKKUM	E1	7	7
5	OOSTERLITTENS	E1	7	3
6	ARUM	E1	7	0

DAMESZAALVOETBAL

S.D.S. 2 - NOORD 1 (Heerenveen)

20-09-'89

SDS E3 - Franeker SE op 14 okt.

O, wat is het toch fijn
Om zaterdag s' morgens binnen de lijnen te zijn
We geven dan de tegenstanders er van langs
En nemen zelf de kans
Met een 1 - 0 voorsprong gaan wij de rust in
Christian is nog niet zo min
Een corner vanuit de hoek
Zo was de bal zoek
Een goal was het resultaat
Zodat het goed met ons gaat



9 sept Makkum - S.D.S

prachtig gespeeld begonnen met een stevige warming up
Jeroen W 1 Rony 2 Jeroen H 1 en Teade 1 er werden soms flinke
trappen en duwen weggegeven " per ongeluk".
we wonnen met 5 tegen 1.

Doelpuntenmakers



Yn it begjin fan dizze kompetysje is der al wat tekening yn de striid. Femke en Jelmer skoare der flink op los en steane dan ek mei 10 en 8 doelpunten boppeoan yn it SDS senioren doelpuntenklassemint.



Neist dizze rige doelpuntenmakers binne der noch 21 spilers/spylsters dy't ek al ien kear it net trilje lieten. Sjoch foar it nijste gehiel op www.vv-sds.nl

	1	2	3	4	5	VR1	
Femke Terpstra						10	10
Jelmer Posthumus			4	4			8
Jildou Sweering						4	4
Peter Hoogerwerf	3						3
Dirk Yde Sjaarda					3		3
Feite de Haan					3		3
Jeska Terpstra						3	3
Henk Postma					3		3
Seriette Strikwerda						3	3
Broer Jacob Greidanus				3			3
Mark Postma			3				3
Robert Sijbesma					3		3
Kirsten Hiemstra						2	2
Hester Kingma						2	2
Luuk van der Schaar		2					2
Skelte Anema			2				2
Johan Postma				2			2
Arjen Los		2					2
Erik Haitsma	2						2

Aginda

Wannear?	Wat ?
2-nov.	Workum 1 – SDS 1
2-nov.	Berenloop Skylge
4-nov.	SDS-webside bestiet 17 jier!
9-nov.	Tonego 1- SDS 1
15-nov.	Lotting OFK Frjentsjer
16-nov.	Beker: SDS 1 – Rottevalle 1
20-nov.	SDS-ledengearkomst om 20.00 oere
23-nov.	SDS 1- SWZ Sneek 1
30-nov..	Heerenveense Boys 1– SDS 1
5-des..	Sinterklaasje mei SDS 1
7-des.	SDS 1 – SVM 1
14-des.	Willemsoord 1 - SDS 1
21-des.	Foarrondes Krystsealtoernoai Frjentsjer
26-des.	Foarrondes en finales Krystsealtoernoai Frjentsjer
31-dec	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
4-jan.	Nijjerssit SDS mei DJ Baggel
6-10-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer
11-jan.	Finales OFK yn Frjentsjer
18-jan.	Beker/Inhaal
25-jan.	DWP 1 - SDS 1
1-feb.	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1
8-feb.	Workum 1 – SDS 1

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**